



âld Barradiel



Oudheidkundige Vereniging Barradeel

Jaargang 14 | december 2016



Foto's van boven naar beneden:

SRV winkel van H. G. Dijkstra te Sexbierum (bron G. Herrema 3x)

SRV winkel van J. Wiersma te Minnertsgea

SRV personeelsreis afd. Barradeel/ Het Bildt

Foto omslag: Deze foto is rond 1910 in Minnertsgea gemaakt. (bron A. Ykema)

INHOUD

<i>Âld Barradiel</i>	<i>4</i>
<i>Ledennieuws.....</i>	<i>5</i>
<i>Van de voorzitter</i>	<i>5</i>
<i>Oosterbierumerpolder wil waterschapsbelasting heffen van zeedijkbewoners.....</i>	<i>7</i>
<i>It brune brea.....</i>	<i>14</i>
<i>Avontuur met bootje op de Waddenzee.</i>	<i>16</i>
<i>Pootaardappelbewaarplaatsen in Barradeel.....</i>	<i>18</i>
<i>Oer moaiskriuwerij, in âlde briefkaart en in bytsje skiednis</i>	<i>29</i>



Âld Barradiel

Alweer een jaar voorbij en “âld Barradiel” jaargang nummer 14 is inmiddels ook een feit. Dit boekwerkje is van een iets dikker formaat als dat van vorig jaar. In vergelijking met de vorige editie zijn er in aantal iets minder artikelen maar ook weer met een mooie variatie in onderwerpen, waarvoor dank aan de inzenders hiervan. Op de voorpagina staat een prachtige foto van Minnertsga uit 1910. Voor het aanzicht is het toch erg jammer dat al die vaarten in de dorpen gedempt zijn.

Uit Minnertsga en Sexbierum hebben we ook mooie foto's van de voormalige SRV-winkels en een SRV personeelsreisje met werknemers uit Barradeel en Het Bildt. Van de hand van dhr. Gerrit Herrema is het eerste artikel over de Oosterbierumerpolder en invoering van de waterschapsbelasting. Van Thom Kuurstra komt een brief van een bakker uit Pietersbierum als reactie op een stukje in een krant van 1916. Dit krantenartikel was helaas niet meer te achterhalen maar het stukje van bakker Rienks spreekt voor zich. Auke Ykema vond in het Zaans Volksblad van 3 juni 1938 een verhaal over een hachelijk avontuur wat door 2 Oosterbierumer 'jongfeinten' beleefd werd op het wad. De geschiedenis van de poterbewaarplassen in Barradeel komt aan bod in het volgende artikel en is geschreven door Herrema. Over dit onderwerp, maar dan in groter verband, heeft hij onlangs een boek gepubliceerd: 'Glazen poterbewaarplassen in Fryslân'. Als laatste een artikel geschreven door dhr. Piter van der Woude. Jeugdherinneringen en een stukje familiegeschiedenis worden hierin door hem beschreven. Als laatste zijn er nog enkele foto's geplaatst van een sfeervol stukje buitendijks Barradeel: Koehoal. We hopen dat een ieder deze “âld Barradiel” met veel genoegen mag lezen.

Ledennieuws

Het ledental van de vereniging bedraagt momenteel 155.

Nieuwe leden:

- | | |
|---------------------------|------------|
| - M. Dijkstra-van der Zee | Sexbierum |
| - A. Stoer | Wijnaldum |
| - P. van der Woude | Heerenveen |
| - A. Norder | Bolsward |

Van de voorzitter

Desimber 2016

Alwer tiid foar it boekje Ald Barradiel.

It jier 2016 rint nei de ein!

Albert en Auke binne drok mei it desimbernûmmer oan'e gong mei tank oan'e stjûrders fan kopy.

It ôfrûne jier begong foar ús op freed 22 januari. It Mienskar wie fol!! Ald Easterbierumer Piter van der Woude hie it oer Emigratie út âld Barradiel Yn 1847 gie ds. Marten Ypma mei sa'n 80 minsken yn'e hope op in better libben as hjir. Hja wiene ôfskieden fan de grutte tsjerke . En sa giene der folle meer.

Ek in graankeapman út Kimsward gie der wol mei wol 90 minsken hinne. Se giene fia de Bahamas en sa oer de grutte rivier de Mississippi nei it Noorden. Piter hat in reis makke nei Amerika en der in aardich boek oer skrean.

Op 18 maart hiene wij de jierfergadering.

Dizze kear yn it nye MFA te Minnertsgea. Dit wie de 1ste keer dat wy by elkoar wiene yn'e hûskeamer (foyer)

Wat in prachtige seal mei oan'e muorre allegear âlde foto's fan Minnertsgea. Spitich dat der mar in bytsje leden wiene.

Wy ha doe ôfskie nommen fan ús âld skriuwer/ponghâlder Gerrit Bouma. Wol 13 jier lang wie hy de spil fan ús ferieniging. Nochris tige tank der foar !

Nei it skoft ha wy noch âlde filmkes besjoen.

Op 26 april kriegen Wietse en Betty Leistra in lintsje yn de Korenbeurs fan Frjentsjer. Wy ha dit mei har fierd yn de Yeb Hettingaskoalle ús argivaris en syn frou ha sa in stik wardearing krigen foar al it wurk wat hja dogge foar ús ferieniging en har âld Tsjommearum.

Op 4 novimber wiene wy wer yn it MFA. Drs. Sander Wassing – in jonge man - gie werom yn e tiid: yn 1566 de Beeldenstoarm en as reaksje derop: Alva's Raad van Beroerten. Ek de Liauckama's waarden neamd. Ek nog interaksje út de seal.

Al mei al in yntressante lêzing.

Op 25 novimber hiene wy in jûn mei it Steunpunt yn Winaam. Dr. Gerard Aalbersberg hie nijs oer de doarpsterp u.o. dat der sporen út de Midsieuwen wiene en net út de Romeinske tiid.

Trijneke Hibma die ferslach oer it opsetten fan oppervlakte-karteringen fan it Tjitsma-terpferslach en it sykjen fan stiennen en skerven sa fan de grounút fjouerkante oppervlakken. In slagge jûn yn in folle Bijekoer !!

Fijne Krystdagen en in goed 2017!!

Groetnis, Klaas Evert Andringa.



Oosterbierumerpolder wil waterschapsbelasting heffen van zeedijkbewoners.

In het begin van de twintigste eeuw komt er een wet dat alle particuliere polders 'boezem-waterschappen' moeten worden en dat de provinciale besturen dan in feite een vinger in de pap krijgen over de inrichting en de werkwijze van de polders. Daarom vraagt het polderbestuur van de particuliere 'Oosterbierumer polder' aan de provinciale Staten van Friesland om van de particuliere polder een boezemwaterschap te mogen maken.

Er wordt daarvoor een plan en een reglement gemaakt dat onder andere aan de 'belanghebbenden' voorgelegd moet worden. In het algemeen zijn dat de eigenaren van landerijen en gebouwen binnen het gebied van de polder, met uitzondering van de eigenaren van woningen binnen de dorpskern. Zo ook in Oosterbierum.

Op 6 november 1918 wordt een vergadering van 'belanghebbenden' in het café van B. Meina uitgeschreven waar 30 stemgerechtigden verschijnen, met elkaar vertegenwoordigen zij ruim 400 van de 800 hectare die de polder groot is. Ook aanwezig zijn de provinciale opzichter S.F. Bakker uit Harlingen, de heer N. Struiksma, een aan het bestuur toegevoegde bijzondere secretaris en de heer I. Buiteveld, voorlopige secretaris van het nieuw te vormen waterschap. Het voorgestelde plan wordt punt voor punt voorgelezen en in bespreking gegeven. Zonder noemenswaardige opmerkingen lijkt een en ander te verlopen, behalve het voorstel om de beide landwegen vanaf de zeedijk naar de Hoarnestreek op te nemen, en te verharderen, als onderdeel van de wegen die tot de polder behoren.

In het voorstel is sprake van een voorgenomen verharding van de 'weg' langs de Oosterbierumer Vissersvaart en de 'weg', zijnde het verlengde van de Conchisweg (Konkelswei) tot de zeedijk. Door ons altijd 'leanen' genoemd. Op de eerste 'leane' komen maar enkele percelen land uit, tezamen groot ongeveer 17 pondematen, aan de tweede liggen aan weerskanten ook maar een paar percelen

land, tezamen groot ongeveer 26 pondemaat en omgerekend zou dat hoge waterschapslasten opleveren voor de betreffende percelen.

‘Seedyksters’ moeten meebetalen.

In de vergadering ontstaat een discussie over het belang voor het waterschap om de beide ‘leanen’ in onderhoud door het waterschap op te nemen. Het belang van de enkele aanliggende percelen land, in eigendom van J. Nammensma en de Kerk van Oosterbierum, zou niet opwegen tegen de te maken kosten van het verharden en het onderhoud.

Daarboven komt nog dat de Vissersvaart tot het boezemwater van Friesland behoort en dat de polder daarom niet verantwoordelijk is om de naastliggende ‘leane’ te onderhouden.

Het verharden van de verlengde Conchisweg zou in de eerste plaats in belang zijn voor de zeedijksbewoners, die daardoor een verharde weg verkrijgen naar het dorp Oosterbierum. Verder *‘profiteren ook percelen aan de zeedijksbinnenberm, gelijk mede onderscheidene landpercelen oostelijk van die weg, die uitweg hebben op de zeedijksbinnenberm en die vervolgens daarlangs en langs het verlengde van de Conchisweg en de Conchisweg zelf het dorp Oosterbierum kunnen bereiken’.*

Tot overmaat van ramp attendeert voorzitter Oosterbaan de vergadering er op, dat in het voorstel de gebouwde eigendommen op de zeedijksbinnenberm van algemene lasten en bemalingskosten worden vrijgesteld omdat deze, totaal ongeveer 13 woningen, schuren, enz., recht van opstal hebben op grond die in eigendom is van het Waterschap Vijfdelen Zeedijken Binnendijks en dus niet vallen onder het gebied van de Oosterbierumpolder. Bij nader inzien meent het voorlopig bestuur, dat die ‘seedyksters’ te veel belang hebben bij de het verharden van die beide wegen om vrijgesteld te zijn van de algemene lasten en trekt het voorstel daartoe in. Voor de bemalingskosten blijft de vrijstelling gehandhaafd.

In de vergadering wordt nog opgemerkt dat drie onpartijdige, door Gedeputeerde Staten te benoemen, deskundigen krijgen na te gaan

welke percelen belang hebben en hoe groot ieders belang zal zijn. Belanghebbenden kunnen eventuele bezwaren tegen die taxatie indienen bij Gedeputeerde Staten en bij de Kroon.

De heer J. Nammensma durft er niet op te vertrouwen, dat die deskundigen die percelen welke uitweg hebben naar de zeedijk en daarlangs op de te verhardende weg kunnen komen, als belanghebbende zullen aanmerken, en dus mee moeten betalen. Ook verwacht hij niet, dat die deskundigen de huispercelen aan de zeedijksbinnenberm, voor welks bewoners die weg van zo'n enorm belang is, naar verhouding van dat belang zullen aanslaan. Aan de vergadering wordt het volgende denkbeeld in overweging gegeven: 'Na de oprichting bereidt men de ligger voor, eenmaal gereed, blijkt precies welke de belanghebbende percelen zijn en hoe groot het belang van elk perceel is getaxeerd. Men kan daarna nagaan hoeveel ieder de verharding zal gaan kosten. Blijkt dat belanghebbenden dan vinden dat ze te hoog worden aangeslagen en daarom liever van de verharding afzien, dan kunnen ze zich wenden tot Gedeputeerde Staten met het verzoek om te bevorderen, dat de weg of wegen alsnog uit het reglement worden weggenomen'.

De heer Nammensma vreest echter *'dat de belanghebbende zeedijksbewoners, de anderen wel zullen overstemmen en die dan tot de verharding wel niet veel zullen krijgen bij te dragen, in elk geval op verharding zullen aandringen. Een stemschaal zal hier de anderen ook niet voldoende steun kunnen verleenen. Daarom laat de wegen er thans uit!!*

De heer S. F. Bakker gelooft dat misschien aan het bezwaar van den heer Nammensma kan worden tegemoet gekomen door in het plan niet te spreken van het "verhardende" van de betrokken wegen, maar van het "in goeden staat brengen en houden daarvan". Na de oprichting zal dan niet eerder tot verharding worden overgegaan dan nadat de meerderheid van de betrokken ingelanden daartoe besluit. De heer Nammensma vindt dat hiermee niet zijn vrees wordt ondervangen, dat de doorslag in de beslissing tot de verharding in handen zal liggen van de vrij talrijke zeedijksbewoners.

Wijziging van het voorstel.

Op 26 november 1918 schrijft het voorlopig bestuur hun bevindingen van de tervisielegging en de daarop volgende aanpassing van het aanvankelijke plan om een waterschap te stichten aan de Gedeputeerde Staten:

‘Rekening houdende met de naar voren gebrachte bezwaren om onder de waterschapswerken op te nemen de beide landwegen loopende van de Hornestreek tot den zeedijk, onderscheidenlijk langs den oostkant van de Visschersvaart en in het verlengde van den Conchisweg om die wegen te verharderen en de kosten daarvan door belanghebbende eigendommen te doen dragen. Bedoelde bezwaren werden door ons ernstig overwogen en naar aanleiding hiervan menen wij er het navolgende te moeten opmerken:

De weg nevens de Visschersvaart werd alsmede daarin opgenomen, teneinde een goede waterkering te dier plaatse te verkrijgen en toegestemd moet worden dat het in goede toestand brengen van dien weg in de eerste plaats in het belang van de gehele bepoldering zou zijn.

Door de eigenaren van de percelen welke meer rechtstreeks door de verharding van den weg zouden zijn gebaat, wordt blijkbaar het belang daarvan niet ingezien of zeer gering geacht. Het komt ons daarom gewenst voor dezen weg uit het plan te laten vervallen. Hij zal dan, zonder speciaal te zijn genoemd, tot de waterkeringen van de polder behoren en als zoodanig te zijner tijd in goede toestand worden gebracht op de wijze welke het meest in het algemeen belang van het waterschap zal worden geacht.

Mede stellen wij voor de weg in het verlengde van de Conchisweg daaruit te laten vervallen. Wij erkennen dat het verharderen van die weg, die met de bepoldering in geen rechtstreeks verband staat, in de eerste plaats een publiek belang is. Het zou inderdaad onbillijk zijn de kosten van het verharderen en onderhouden van die weg geheel ten laste van in het ontworpen waterschap gelegen particuliere eigendommen te brengen. Wel kan worden verondersteld dat, mochten later van gemeentewege of anderszijds

pogingen worden aangewend om tot verharding van gemelde weg te komen, het dan fungerend waterschapsbestuur en de ingelanden daaraan gaarne hun steun zullen verlenen.

Ter vergadering werd door ons opgemerkt, en door de aanwezigen niet betwist, dat het wenselijk en billijk zou zijn de gehele vrijstelling van een eigen aanslag van de gebouwde eigendommen staande op den zeedijksbinnenberm te laten vervallen. Aan deze eigendommen zal zeker genoegzaam vrijstelling zijn verleend, indien bepaald wordt dat geen aanslagen op het kohier zullen worden gebracht, welke berekend zouden moeten worden naar een totale geclassificeerde oppervlakte van minder dan vijf are.

Wanneer op de wijze door ons voorgesteld aan de geopperde bezwaren wordt tegemoet gekomen, zal het plan geen enkele bestrijding meer ondervinden.

Het hoofddoel -- verbetering van de bepoddering -- vindt blijkbaar algemene instemming en van de wenselijkheid om de bestaande werken zoo spoedig mogelijk te verbeteren zal wel ieder overtuigd zijn'.

De uiteindelijke uitvoering.

In januari 1919 besluiten de Gedeputeerde Staten van Friesland tot de oprichting van het boezemwaterschap 'De Oosterbierumerpolder' en keuren het voorgestelde bijzondere reglement goed.

In artikel 4 wordt bepaald dat tot de werken, bij het waterschap in onderhoud zijnde, behoren:

Sub. 1. 'de waterkeeringen ten behoeve van de te bemalen percelen, voor zoover niet in onderhoud bij eenige andere publiekrechtelijke instellingen, en de op die waterkeeringen staande stekken.

Sub. 2. De bemalingswerktuigen, met molenaarwoningen (....).

Sub. 3. De Miedweg

Sub. 4. De Slachtedijk, als waterkeering blijvend in onderhoud bij het Waterschap De Vijfdeelen Zeedijken Binnendijks, van den zeedijk tot den Lageweg.

Sub. 5. De bruggen en zetten over de uitloozingen van de bemalingswerktuigen.

De beide modderreden of 'leanen' van de Hornestreek naar de zeedijk worden niet genoemd als werk en behoeven dus niet onderhouden te worden door De Oosterbierumerpolder.

In artikel 6 punt 1 wordt bepaald dat:.

Vrijgesteld van eenigen aanslag zijn:

- *de eigendommen van het waterschap,*
- *de werken van openbaar verkeer,*
- ***de gebouwde eigendommen, staande op den zeedijks binnenberm,***
- *de eigendommen behorende tot de bebouwde kom van het dorp Oosterbierum*
- *de gebouwde eigendommen die met het bijbehorende erf eene grootte hebben beneden vijf are en*
- *de eigendommen die in geen enkel opzicht eenig belang bij het waterschap hebben.*

Uiteindelijk zijn de bewoners van de zeedijk vrijgesteld van het betalen voor het gebruik van de modderwegen vanaf de zeedijk naar de Hornestreek. Een andere mogelijkheid voor de 'seedyksters' was om gebruik te maken van de Slachte. In de praktijk was dat gebruik minimaal want de Slachte was aanvankelijk verhard met sintels en het was een behoorlijke bocht om, om naar het dorp te moeten lopen. Alleen bij strenge winters met veel sneeuw was de Slachte de enige weg die enigszins sneeuwvrij was vanwege de hogere ligging ten opzichte van de omliggende percelen land en de Slachtefeart.

In 1947 vraagt mijn vader Johannes Herrema bij de Griffie van de Provinciale Staten wie de onderhoudsplicht heeft van de laan naast de Vissersvaart. Als antwoord komt daarop: 'Volgens de ontwerp wegenliggers van de gemeente Barradeel rust de verplichting tot het onderhoud van de laan langs de Vischvaart op de eigenaren van de percelen kadastraal bekend gemeente Sexbierum, sectie D, nrs. 63, 64, 65, 67, 72 en 1269' (in hoofdzaak in eigendom van de Kerk

van Oosterbierum). Ondanks deze formele verplichting is het onderhoud van de laan zeer minimaal geweest.

Uiteindelijk is deze laan nooit verhard geworden en hebben de 'Seedyksters' gezamenlijk het schelpenpad op de oostkant van de 'leane' gezamenlijk onderhouden en er jaarlijks schelpen op gebracht die met paard (of trekker) en wagen geladen werden bij het Café van Jelte en Jantsje op Koehool.

De andere laan is in het kader van ruilverkaveling 'De Bjirmen' geasfalteerd, niet meer in het belang zijnde van de 'seedyksters' want die hebben allemaal hun biesen moeten pakken in verband met de verhoging van de zeedijk tot Deltahoogte in de jaren zeventig.

Gerrit Herrema, fan-âlds in Seedykster.



It brune brea

19 maeije 1916:

By dizzen forsykje ik hwat romte yn Jins krante. De saek, hwerom it giet, slacht op in lyts hoekje in Jins krante fan forline woansdei fan Jins korrespondent út Barradiel. Dizze neamde dêryn twa feiten. It earste is it net neikommen fan 'e bisluten fan 'e bakkersferieniging yn Barradiel en is eilnes wier. Us ferieniging hat har fan miet ôf oan net hâlden oan 'e bisluten yn 'e gearkomsten nommen. Yn 'e gearkomste fan 21 April j.l. bisleat de forieniging gjin oar dan great brea te bakken. Hwat lykwols yn it iene part fan 'e gemeente wol kin, giet op in oar part sa goed net. De bakkers fan Seisbjirrum, mei dy fan Pitsersbjirrum, bisletten letter dochs lyts brea te bakken, sok sterwille fan harren ôfnimmers en ek om hwat fariaesje te bringen yn 'e ientoanige kuch.

Hjirmei mien ik min ofte mear taljochte te hawwen, hwerom wy ús net hâlden hawwe oan 'e bisluten fan 'e ferieniging.

Hwat lykwols it twadde feit oangiet, n.l. it net neilibjen fan 'e pelysjeferoardening op 'e breaprisen yn ús gemeente, dit wie foar de nou ferbalisearre bakkers in gâns slimmer saek. Foar harren wie it in bisteanskwesje. Mei dizze foaroardening sitte de bakkers der raer foar. Opmakke yn Maert 1915 foar de doedestiids bakte wite bôlle wurdt dizze feroardening nou, mei in lytse feroaring, tapast op it fan folle weet bakte brea. Boppeneamde betingsten hâlde yn, dat der yn ús gemeente brea bakt wurde moat fan 100, 75, 50, 35, 10 en 7 ½ dekagram. Oant it lêste brúnbreaskoft ta waerden yn ús gemeente twa soarten wite bôlle bakt, n.l. great brea fan 50 dekagram foar 15 sinten it stik en lyts brea fen 7 ½ dekagram, 4 stiks foar 10 sinten. Foar itselde meitsje wy nou foar weetbôlle sûnder krinten 10 sinten en mei krinten 12 ½ sint, by om en by deselde moalprizen.

Om fan it bidoarne, fan syn bakaerd ûntrôve moal jit in toanber gebak te meitsjen, hiene de nou forbalisearre bakkers bisletten har produkt yn molke to bakken. Nou komt foar ús it slimste oan.

In pear wike lyn wie hjir de provinsjale ynspekteur om in ûndersyk yn te stellen nei gewicht en deugd fan it brea. Wy meitsje hjir great en lyts brea, great is de saneamde wite bôle foar 10 sinten sûnder- en mei krinten foar 12 ½ sint it stik: lyts brea, doedestiids 6 foar in dûbeltsje, nou 5 foar in dûbeltsje. De ynspekteur seit, dat er mei dit lytsguod neat te meitsjen hat, hwant dat is lúkse; en dat er alline mei it o are to dwaen hat.

Ek by ús gemeentepolysje bistiet oangeande it neilibjen fan 'e feroardening forskeel fan opfetting. De iene seit: As jo Jins brea bakke wolke yn molke, dan binne Jo folslein frij, hwant de birekken fan 'e ministerwie basearre op wetterbrea, (dat likemin forstjinsten opsmyt). Dat oaren dit ek miene, docht bliken út é feroardening dy't Ljouwert foar molkegebak fêststeld hat.

Oaren der tsjinoer sizze:

Hwer't jimme fan bakke wolke, moatte jimme sels mar witte, mar it brea moat oan it fêststelde wicht en priis foldwaen.

Hwa fan 'e hearen hat it nou by it rjochte ein?

Pitersbjirrum, 18 maeije 1916.

Hâns Lolkes Rienks.



Avontuur met bootje op de Waddenzee

Een artikel uit het Zaans Volksblad 3 juni 1938
Avontuur met bootje op de Waddenzee.

Reddingsboten en Watervliegtuig zoeken naar vermiste jonge mannen – Maar een tjalk had hen al opgepikt.

Leeuwarden-Donderdag. Geruime tijd heeft men in angst gezeten over het lot van twee jongemannen. Joh. Stellingwerf en Kl. Houtsma, beiden 24 jaar en wonende te Oosterbierum, die zich Woensdagmiddag omstreeks 3 uur van Holwerd op weg naar Oosterbierum begaven. De beide mannen zijn evenwel hedenmiddag veilig door de Abraham Fock te Zwarte Haan aan wal gebracht.

Stellingwerf en Houtsma hadden zich naar Holwerd begeven om hun boot, die de vorige week afgedreven was, weer naar hun woonplaats te brengen. Toen de ouders evenwel niet meer van hun zoons hoorden, hebben zij de assistentie van het reddingswezen ingeroepen. Zo werd den schipper van de te Harlingen gestationeerde reddingboot “Jhr. C.A. den Tex” gevraagd uit te varen. Daar de boot echter op de helling ligt om gerepareerd te worden kon niet aan dit verzoek worden voldaan. Ook de Dorus Rijkers, die eveneens te Harlingen op de helling ligt, kon niet in zee gaan. Toen de reddingsboten van Terschelling en Ameland te hulp geroepen. Ook een watervliegtuig van Den Helder heeft nog assistentie verleend. Intussen bracht vanmorgen de veerboot Friesland van de dienst Zwarte Haan – Ameland een briefje bij den caféhouder te Zwarte Haan, afkomstig van de twee jongemannen, die zich gisteravond omstreeks 9 uur aan boord van een tjalk hadden geborgen, omdat zij het weer niet vertrouwden. In dit briefje werd den café-houder verzocht hun ouders mede te delen dat zij zich veilig en wel aan boord van het schip bevonden. De Amelandse reddingsboot “Abraham Fock” ontdekte hedenmiddag omstreeks 12 uur de bewuste tjalk. Een goed uur

later zette de "Abraham Fock" de beide vermisten te Zwarte Haan aan wal, terwijl ook het roeibootje meegesleept was.

Avontuur met bootje op de Waddenzee

Reddingsboten en watervliegtuig
zoeken naar vermiste
jonge mannen

Maar een tjalk had hen al
opgepikt

Leeuwarden, — Donderdag.

Geruime tijd heeft men in angst gezeten over het lot van de twee jongemannen, Joh. Stellingwerf en Kl. Houtsma, beiden 24 jaar en wonende te Oosterbierum, die zich Woensdagmiddag omstreeks 3 uur van Holwerd op weg naar Oosterbierum begaven. De beide mannen zijn evenwel hedenmiddag veilig door de Abraham Fock te Zwarte Haan aan wal gebracht.

Stellingwerf en Houtsma hadden zich naar Holwerd begeven om hun boot, die de vorige week afgedreven was, weer naar hun woonplaats te brengen. Toen de ouders evenwel niets meer van hun zoons hoorden, hebben zij de assistentie van het reddingswezen ingeroepen. Zo werd den schipper van de te Harlingen gestationeerde reddingboot „Jhr. C. A. den Tex" gevraagd uit te varen. Daar de boot echter op de helling ligt om gerepareerd te worden, kon niet aan dit verzoek worden voldaan. Ook de Dorus Rijkers, die eveneens te Harlingen op de helling ligt, kon niet in zee gaan. Toen zijn de reddingboten van Terschelling en Ameland te hulp geroepen. Ook een watervliegtuig van Den Helder heeft nog assistentie verleend.

Intussen bracht vanmorgen de veerboot Priesland van de dienst Zwarte Haan—Ameland een briefje bij den caféhouder te Zwarte Haan, afkomstig van de twee jongemannen, die zich gisteravond omstreeks 9 uur aan boord van een tjalk hadden geborgen, omdat zij het weer niet vertrouwden. In dit briefje werd den caféhouder verzocht hun ouders mede te delen dat zij zich veilig en wel aan boord van het schip bevonden.

De Amelandse reddingboot „Abraham Fock" ontdekte hedenmiddag omstreeks 12 uur de bewuste tjalk. Een goed uur later zette de „Abraham Fock" de beide vermisten te Zwarte Haan aan wal, terwijl ook het roeibootje meegesleept was.



Pootaardappelbewaarplaatsen in Barradeel

In de afgelopen twee jaar hebben de Friese vereniging voor historische landbouw Afron, de Boerderijenstichting Fryslân en het Frysk Lânbouwmuseum onderzoek gedaan naar het ontstaan, het gebruik en het overbodig worden van vrijstaande pootaardappelbewaarplaatsen met dubbelwandig draadglas, ook wel poterbewaarplaatsen, poaterhokken, setterhokken of broeihokken genoemd. Het onderzoek heeft zich toegespitst op de provincie Friesland.

Aardappelteelt

De teelt van aardappelen in de provincie Friesland concentreert zich in de 'Lytse Bouhoeke' (Kimsward, Arum, Pingjum, en Witmarsum) en de 'Bouhoeke' in een strook langs de Waddenzee vanaf Harlingen tot aan de Lauwersmeer. In het algemeen zijn het in eerste plaats telers van pootaardappelen met in een aantal dorpen telers van vroege consumptieaardappelen. Kenmerkend voor dit gebied was vroeger het grote aantal kleine akkerbouwer, gardeniers of gerniers, die zich toelegden op het verbouwen van arbeidsintensieve gewassen zoals vroege aardappelen. Het pootgoed voor het eigen bedrijf werd in de zomer 'groen gerooid' als de aardappelen nog in de volle groei waren en de ziektedruk nog beperkt was. De oogst werd in zogenaamde kiembakjes opgeslagen op een koele en donkere plaats in de schuur of het hok. In de maanden februari en maart werd een zogenaamde warmtestoot gegeven door de bakjes in de stal te zetten, zodat de aardappelen konden kiemen. Waren de kiemen of spruiten voldoende lang dan werden de kiembakjes buiten gezet om af te harden onder invloed van licht en lucht.



Aardappelen rapen (foto Bildtsdokumintasysintrum).



Aardappelen uit de hoop opscheppen (foto Bildtsdokumintasysintrum).

Bewaren van aardappelen

Tot ongeveer de jaren vijftig en zestig van de vorige eeuw werden aardappelen voornamelijk bewaard in hopen op het veld. Meestal op het perceel waar de aardappelen verbouwd waren, werd bij de dam of bij de reed een 'vloer' van ca. 15 cm diep gemaakt en de vrijkomende grond gebruikt om aan weerskanten een rand te vormen. De aardappelen werden handmatig in 'kynsenbakjes', een

taps toelopend vierkant houten bakje met een gaasbodem en een inhoud van 35 pond, gezocht. Twee van de bakjes werden in een zak geleege en daarna vervoerd naar de hoop. De hoop met aardappelen werd afgedekt met bladriet dat in eerste instantie aan de bovenkant vastgelegd werd met een beetje grond. In de herfst werd de gehele hoop voorzien een dunne laag grond om vorstschade te voorkomen en later werd er nog een zogenaamde 'winterhûd', een dikke laag grond, met daaronder een laag loof aangebracht. Het was niet mogelijk om gedurende de winterperiode de aardappelen te controleren en het kwam vaak voor dat de aardappelen in het voorjaar lange, breekbare kiemen of 'sprûten' hadden of dat er vorstschade was ontstaan.

Glazen poterbewaarplaatsen

In 1919 ontdekte Martinus Noteboom, vooraanstaand akkerbouw in Klundert (aan het Hollands Diep bij Moerdijk) min of meer bij toeval dat poters met een korte afgeharde spruit in het voorjaar een voorsprong hadden op traditioneel voorgekiemde poters. Hij was namelijk dat jaar uitgeregend met het poten van aardappelen. De resterende bakjes met poters bleven bijna twee weken in weer en wind achter op het land. Later bleek dat deze laatste het beter deden dan de eerder gepote aardappelen. Hij experimenteerde de jaren daarna door het bouwen van enkele poterbewaarplaatsen met veel ramen wat uiteindelijk de poterbewaarplaats is geworden met aan alle vier de zijden dubbelwandig draadglas. Ook vanuit de Wageningen instituten kwamen adviezen om pootaardappelen *'koel, droog en in het licht'* te bewaren.

Uit verschillende publicaties blijkt dat er vanaf ongeveer 1923 de eerste glazen poterbewaarplaatsen in de zuidelijke akkerbouwstroken zijn gebouwd, het betreft de gebieden langs het Hollands Diep (Noord-Brabant), Zeeland en de Zuid-Hollandse eilanden. Het bestuur van de Friesche Maatschappij besloot om in 1926 op onderzoek uit te gaan en organiseerde een excursie naar dat akkerbouwgebied. In 1927 werd op de Provinciale Landbouwtentoonstelling een glazen pootaardappelbewaarplaats

gebouwd met dubbelwandig draadglas. Verondersteld mag worden dat dit in feite de eerste stap was om ook in Friesland pootgoed op te slaan in 'moderne bewaarplaatsen'. Vrij zeker is dat E.D. Kooi te Vrouwbuurtstermolen toen ook reeds experimenteerde met glazen poterbewaarplaatsen.

In een artikel in het Friesch Landbouwblad van 25 augustus 1928



Pootaardappelen in kiembakjes in een 'setterhok'

wordt melding gemaakt dat er reeds enkele poterbewaarplaatsen in Friesland zijn gebouwd. Het is niet bekend welke dat zijn geweest. Uit de gemeentelijke registers van afgegeven

bouwvergunningen blijkt dat er in 1927 in ieder geval vier bouwvergunningen afgegeven zijn in de voormalige gemeente Barradeel te weten aan Sybren Faber en Corn. Nagel te Minnertsga, Gerlof Zijlstra te Pietersbierum en Wybren Oosterbaan te Tzummarum. Die van G. Zijlstra is nog steeds aanwezig (Hoarnestreek 2) en is daarmee vrij zeker de oudste nog aanwezige poterbewaarplaats in Friesland. Of er in andere gemeenten in 1927 ook reeds bouwvergunningen voor poterbewaarplaatsen zijn afgegeven is uit het onderzoek niet gebleken.

Elementaire kenmerken van glazen poterbewaarplaatsen.

- De lange zijkanen zijn gemaakt van dubbele platen draadglas, ook wel veiligheidsglas genoemd, met daartussen een spouw van 10 tot 15 cm. Het draadglas is vaak 99 cm breed en 200 cm hoog. De lengte van de poterbewaarplaats is afhankelijk van de hoeveel pootgoed die er in opgeslagen moet worden.
- De beide korte kanten hebben elk ook een aantal dubbele platen draadglas en in het midden een deur van ca. 90 cm breed. De breedte van de bewaarplaats is in het algemeen 4½ tot 6 meter.
- In het deurkozijn zijn meestal drie deuren gemonteerd, een houten binnen- en buitendeur en daartussen een gazen deur. Omdat er zoveel mogelijk geventileerd moet worden staan de beide houten deuren bijna altijd open en de gazen deur moet er dan voor zorgen dat er geen ongedierte naar binnen komt. Bij vorst moeten de deuren gesloten zijn en de ruimte er tussen fungeert dan als spouw.
- Omdat er intensief geventileerd moet worden zijn er in de betonvloer kanalen aangebracht met roosters die aan de buitenkant uitmonden in gemetselde kokers met aan de zijkanen roosters, afgedekt met een grindtegél.
- Ook in het plafon en de zolder zijn ventilatiekanalen aangebracht die aan de onderkant dichtgeschoven kunnen

worden. Tussen het plafond en de zolder is vaak isolatiemateriaal aangebracht zoals kaf of scheven (Fr. sjudden). Was er onder het zadeldak vrij veel ruimte dan werd die vaak benut om daar lege kiembakken op te slaan (en te repareren). Soms werden daar zakken met graan of lijnzaad voor langere tijd opgeslagen.

- In veel gevallen is de vloer van de poterbewaarplaats 30 tot 40 cm lager dan het erf. Dit zou het vorstvrij houden van de bewaarplaats vergemakkelijken.
- Soms is er in of op de vloer een betonnen bak gemaakt om de pootaardappelen 'te wasken', te behandelen met een



*Buitendeur, gaasdeur en
binnendeur in één kozijn*



*Hoekstijl versterkt met ijzeren buis,
Klooster-Lidlum, Kleasterwei 21
(foto R.J. Wielinga).*

sublimaat- of kwikhoudend middel tegen de
schimmelziekte Thizoctonia.

Onderzoek

Omdat het opslaan van poot aardappelen in glazen poterbewaarplaatsen reeds lang achterhaald is en meer dan driekwart van die gebouwen weer afgebroken zijn, werd het idee opgevat bij het Fries Landbouwmuseum en de Friese vereniging voor landbouwhistorie Afron om in 2015 op onderzoek te gaan naar de nog bestaande vrijstaande gebouwtjes. In ruim anderhalf jaar werden er in de Friese kleibouwstreek ruim veertig getraceerd, waarvan enkele met een plat dak en de hoofdzaak met een zadeldak met riet, dakpannen maar meestal met asbestgolfplaten gedekt. In het gebied van de voormalige gemeente Barradeel waren dat acht met een zadeldak en vrij recent is er nog een negende aangemeld.

Het betreft te Minnertsga Hearewei 25 en Hoarnestreek 6, te Klooster-Lidlum Kleasterwei 21, te Oosterbierum Seedyk 1, te Pietersbierum Hoarnestreek 2, Hoarnestreek 11 en Hoitingawei 17 en te Wijnaldum Alde Leane 14 en Haulewei 8. Nadat het boek verschenen is zijn er nog een aantal melding binnengekomen van bestaande poterbewaarplaatsen. Informatie over deze poterbewaarplaatsen wordt gebundeld en opgeslagen in het archief van het Fries Landbouwmuseum.



Poterbewaarplaats Pietersbierum, Hoarnestreek 11 (foto R.J. Wielinga).



Poterbewaarplaats Wijnaldum, Alde Leane 14.



*Poterbewartplaats Oosterbierum
Koehoal, Seedyk 1.*



*Poterbewartplaats Minnertsma,
Hearewei 25.*



*Poterbewartplaats wordt ont-
manteld Minnertsma, Hoarne-
streek 6 (foto R.J. Wielinga).*



*Poterbewartplaats Wijnaldum,
Haulewei 8.*


Bouwvergunningen

Parallel aan de speurtocht naar nog bestaande poterbewartplaatsen is er onderzoek gedaan naar bouwvergunningen in dertien verschillende gemeentelijke archieven in Friesland. Totaal zijn er ruim tweehonderd bouwvergunningen in de registers getraceerd maar soms bleek het vrijwel onmogelijk om de betreffende stukken, zoals de aanvraag met bouwtekening en de afgegeven vergunning, in te kunnen zien. Ook was dat het geval met de bouwvergunningen van de voormalige gemeente Barradeel waar volgens de handgeschreven

registers 67 aanvragen (een derde gedeelte van geheel Friesland!!) in de periode van 1927 tot en met 1946 zijn binnengekomen en behandeld. In 1927 is ook een bouwvergunning afgegeven aan de Woningstichting te Minnertsga voor het bouwen van een poterbewaarplaats, maar in het onderzoek is daarover geen aanvullende informatie gevonden. Een klein deel van de bouwvergunningen is maar werkelijk bekeken, de voornaamste oorzaak daarvan is dat men vroeger bij de gemeenten werkte met één nummering van alle gebouwde percelen in en buiten een dorp en later overgestapt is op het gebruik van straatnamen en een huisnummers. Er is wel een poging gedaan om de 'oude' informatie onder te brengen in de nieuwe, maar daarbij zijn veel gegevens verloren gegaan en is het (digitaal) zoeken naar het oude materiaal een tijdrovende bezigheid geworden of soms onmogelijk.



*Foto van dubbele poterbewaarplaats achter de woningen Minnertsga, Schoolstraat 10 en 12.
(Foto G. Bouma).*



Een detail van de bouwtekening van timmerman Bloembergen voor poterbewaarplaats Minnertsga, Schoolstraat 10 en 12.

Over het algemeen werden de poterbewaarplaatsen door de plaatselijke timmerman gebouwd. In Sexbierum waren dat de timmerbedrijven van Banning en Zaagsma, te Minnertsga Bloembergen en Helder, te Tzummarum Bonnema en Kloosterman en te Wijndaldum Fokkema en Schaaf.



Betonnen wasbak om aard-appelen te behandelen tegen Rhizoctonia, Minnertsga, Hoarnestreek 4 (foto R.J. Wielinga).



Bouw van een poterbewaarpplaats door personeel van bouwbedrijf Zaagsma uit Sexbierum (foto H. Zaagsma).

Ondanks een advertentie in het Friesch Landbouwblad van timmerman van Keimpema uit Oosterbierum is er maar één poterbewaarpplaats gevonden die door dit bedrijf gebouwd is. Anders was dat met bouwbedrijf Visser uit Beetgumermolen die tientallen bewaarplaatsen in Friesland gebouwd heeft en in ieder geval acht in Barradeel. Barradeel was indertijd één van de gemeenten met veel ‘gerniers’, zo zijn er in en bij het dorp Minnertsga 19 bouwvergunningen afgegeven en voor Sexbierum 16. In Sexbierum zijn zelfs vijf, mogelijk zes, poterbewaarpplaatsen gebouwd op één en het zelfde kadastrale perceel, eigendom van de Nederlands Hervormde Kerk. Eén bouwvergunning is afgegeven voor het bouwen van drie poterbewaarpplaatsen door bouwbedrijf Banning en één vergunning voor twee bewaarplaatsen is afgegeven aan bouwbedrijf Zaagsma. In 1946 is de laatste bouwvergunning afgegeven aan de heer Tj. Gratema te Sexbierum.

Ondergeteekende beveelt zich aan voor het **BOUWEN** van
Vorstvrije Poterbewaarplaats. Nieuwste systeem.
Iedere belangstellende wordt uitgenoodigd de pasgebouwde vorst-
vrije bewaarplaats bij den heer R. S. BRUINSMA te Oosterbierum
te bezichtigen. — Overal te ontbieden.
J. VAN KEIMPEMA, Timmerman, OOSTERBIERUM.

Advertentie in het Friesch Landbouwblad van 29 september 1928.

Afsluiting.

De resultaten van het onderzoek naar nog bestaande poterbewaarplaatsen en het archiefonderzoek zijn door ondergetekende verwerkt in het boek 'Glazen poterbewaarplaatsen in Fryslân' dat uitgegeven is door de drie eerder genoemde organisaties. Niet alle verkregen informatie kon worden verwerkt in het boek maar zal worden opgeslagen in het archief van het Fries Landbouwmuseum te Earnewâld (dat in maart 2018 verhuist naar Goutum). Aanvullende informatie, archiefmateriaal en met name foto-, dia- en filmmateriaal is daarom nog steeds van harte welkom.

Gerrit Herrema, Holwerd



Oer Moaiskriuwerij, in âlde briefkaart en in bytsje skiednis

Piter van der Woude


SKRIUWKEUNST

It skriuwen ha 'k leard by juf Boersma en by master Strikwerda.

Ik hie wol nocht oan moaiskriuwen en ik koe it ek wol aardich. Tink ik.

As je hiel moai skreaun hiene dan krigen je fan 'e juf in stimpel ûnder oan de bledside. By master Strikwerda krigen je allinne in 'krul' fan syn reade pen. Dat betsjutte 'Goed'. Net it Fryske 'goed', nee it Hollânske 'Goed'.

Mar as je it aldermoaist fan 'e hiele klasse skreaun hiene, no dan mochten je efteryn 'e klasse sitte en dan mochten je mei reade inkt skriuwe, yn stee fan gewoane blauwe inkt. Dat gong dan sa:



En sa in hiele bledside fol.

Dat wie sawat 1952. Je skreauwen doe noch mei in 'kroontjespen' en elke skoalbank hie in inktpotsje dêr't je by it skriuwen dy pen yn stekke moasten en dan koene je wer

in pear wurden skriuwe. Altyd foarsichtich want oars krigen je samar in inktflek op je papier. No dan koene je de krul fan master wol ferjitte want dan hiene je 'slordig' west.

Ik koe wol moai skriuwe, mar net sa moai as myn pake. Pake Pieter koe it aldermoaist skriuwe, dêr wie ik wis fan. Us mem hie dat ferteld en beppe ek. En myn omkes ek: allegear seine se it. Sa moai as pake koe net ien skriuwe.

Doe 't ik wat âlder wie seach ik dat ek mei myn eigen eagen. Want pake siet faak te skriuwen. Notulen fan 'e tsjerkeried skreau hy. Moai regelmjittich skrift. Hy siet dan oan 'e keamertafel en dan hie hy in bril op. Dat stie wol deftich. Hy skreau dan yn in grou Notulenboek en je mochten dan net mei him prate.

Ik wist net wat hy skreau mar it stie wol hiel moai. Ik seach der lang nei en woe doe wol dat ik sa moai skriuwe koe.

Mar nee, dat soe wol noait slagje.

Pake fertelde dat hy dat moaiskriuwen leard hie yn it leger. Dêr hie hy lang yn sitten. 'Yn 'e mobilisaasje' neamde hy dat. Hy wie jierren lang mobilisearre west yn 'e tiid fan 'e earste wrâldoarloch. Hy hie it sels ta sersjant brocht en hy hie ek wol yn it leger bliuwe kinnen. Mar dat woe beppe net; sy woe net út Easterbierrum wei. Dat doe is dat net troch gongen. Pake is letter altyd arbeider bleaun by boer Zijlstra op Kleaster Lidlum.

Us pake is stoarn yn 1961, hy wie doe 73 jier. Ik fûn it o sa fertrietlik want ik wie gek op pake. Mar hoe giet soks dan fierder? No je wurde sels folwoeksen, je tinke noch wol mei leafde werom oan dy tiid dat pake en beppe noch libben. Mar it wurdt stadichoan minder. De jierren bliuwe mar kommen; heit en mem wurde âlder en komme ek te ferstjerren. Je ha sels bern dy't earst lyts binne, mar dan ek

wer grutter wurde en úteinlik folwoeksen. En soms tinke je noch wer ris mei weemoed oan eartiids.

Ja, dat ferline, myn skoaltiid, de tiid fan heit en mem en pakes en beppes en omkes en muoikes en kammeraten en herfoarmen en grifformearnden, wat leit it al fierhinne ûnder it stof fan 'e ferjitnis.

TELEFOANTSJE ÚT IN FIER FERLINE

Mar soms, ynienen bart der eat dat it ferline wer eefkes werom hellet, ta libben bringt, krekt as krije je in telefoantsje út in lang ferfleine tiid. Sa'n telefoantsje krige ik yn 2011. Ik hie fan myn broer Siem heard dat der op 'e webside fan Tresoar in foto-argyf wie. Dat woe ik wol ris besjen. Dus ik sykje ûnder it trefwurd 'Oosterbierum'. No, in protte foto's, wol mear as hûndert. Nijsgjirrige âlde foto's, ik ha der in skoft yn om sneupt. Mar ja, 107 foto's is wol in protte, dus ik beseach se net allegear. In pear moanne letter: noch ris besjen. En doe foel myn each op de alderlêste foto, mei nûmer STH0849. "**Een aantal mensen in een straat te Oosterbierum**", stie der by. En "**Poststempel 27-08-1908**"

Dit wie de foto:



“Bliksem! Dat is in âlden ien”, tocht ik. “Dy moat ik eefkes better besjen”.

Ja, die ‘straat te Oosterbierum’ dat wie de Buorren, dat koe net misse. De minsken op de foto koe ik fansels net, allegear fan fier foar myn tiid.

Mar neist de foto wie wat skreaun. En dat skrift! Ik koe it drekst werom: it skrift fan pake. En dat it fan him wie waard my ek drekst befêstige, want wat stie dêr?

“Afz. P. de Vries, p/a W. de Vries, Oosterbierum, Friesland”

In kaart fan ús pake út 1908! Mear as hûndert jier nei ‘t hy him ferstjoerd hat fyn ik dy kaart! Pake syn heit hiet Wietse en dat p/a W. de Vries betsjutte dat pake doe noch thús by syn heit en mem wenne. No dat kin wol útkomme want doe, yn augustus 1908 wie pake 21 jier en hy wie noch net troud want dat barde pas yn 1912.

IN BRIEFKAART OAN WA?

Dus pake skreau in kaart mei in foto fan 'e Buorren. Mar oan wa? Ja, dat stie op 'e efterkant fan dy briefkaart mar dy wie net te sjen op 'e webside. Wêr soe it orizjineel fan dy briefkaart te finen wêze? Broer Siem brocht wer útkomst: dizze foto kaam út de kolleksje fan in echte fotosamler: Sytze ten Hoeve. Dus as ik it orizjineel sjen woe moast ik kontakt opnimme mei Sytze ten Hoeve. Ik koe de man net, neffens Siem wie hy eartiids direkteur fan it Skipfaartmuseum yn Snits west, mar no pensjonearre. En hy soe wenje yn Nylân. Nei noch wat fierder sykjen fûn ik syn emailadres en ik skriuw him in briefke mei it ferhaal oer dy kaart fan myn pake. En Sytze reagearre drekst. Hy sei: "Ik fyn dat sa'n moai ferhaal oer jimme pake dat ik stjoer dy de kaart ta en dy meist hâlde, it is in kado". No geweldich fansels.

In pear dagen letter kaam de kaart mei de post. Fan Sytze



ten Hoeve út Nylân. En sa seach de efterkant der út:

Wer pake syn prachtige skrift: **Aan Den milicien D.**

Winsemius. In postsegel fan in sint der op. In poststimpel fan Easterbierrum en ien fan Voorthuizen. De datum fan 27 augustus 1908 wie ek wol te ûntsiferjen.

Mar wa wie 'De milicien D. Winsemius'? Milicien is in âld wurd foar soldaat. Wie dit in freon fan pake? In kollega-militêr? Pake siet sels yn dy tiid faaks ek yn tsjinst, ik hie ek noch wol in foto fan him as soldaat. No ik moast hjir noch wat fierder yn dûke. Dat betsjut tsjintwurdich: sykje, sneupe op it ynternet. Mei **WieWasWie.nl** fûn ik dat Pieter Wietes de Vries yn Easterbierrum berne wie op 12 oktober 1887.

In moanne letter, op 14 novimber 1887 waard yn Easterbierrum berne: Doede Piers Winsemius, soan fan Pier Johannes Winsemius. Dus wiene pake Pieter en dizze Doede

Winsemius leeftiidsgenoaten. Se hiene by inoar op skoalle sitten, kamen út itselde miljeu (beide heiten wiene arbeider) en faaks wiene se tagelyk nei it lotsjen foar soldaat west en wiene se beide ynlotte.

Dat soe sa sa mar kinne. Wêrom as pake dy kaart skreau is net mear út te finen. It wie net foar Doede syn jierdei, want dy wie yn novimber. Hawar, de oanlieding foar dy kaart litte wy mar sitte. Pake skreau in kaart en Doede is der fêst bliid mei west.



Pake Pieter as soldaat.

EN HOE GONG IT FIERDER?

Sa as ik al skreau: pake hie wol by de soldaten bliuwe wollen mar dat woe beppe net, want dan hiene se ferhúzje moatten nei Venlo of sokssawat en dat woe beppe perfoarst net. Dus pake waard arbeider yn Easterbierrum, troude mei Simontje Klazes Jellesma en krige mei har in grut gesin fan trije dochters en fiif soannen. Hy wie fjoerich oranjeklant, oertsjûge grifformearde en antyrevolúsjonêr. In 'e rin fan 'e jierren waard hy in man fan kwizekwânsje yn it tsjerklik libben. Breed hat hy it noait hân, mar doe't hy santich waard, yn 1957, krige hy fan Drees en koe hy ophâlde mei wurkjen sûnder finansjele soargen foar de âlde dei. Mar hiel lang hat dat soargeleaze bestean net duorre wan yn 1960 waard pake slim siik en dat koe net wer better. Hy is yn maart 1961 ferstoarn en begroeven yn Easterbierrum.

En hoe fergie it pake syn skoalmaat Doede Winsemius? No dy hat wer in hiel oar libben hân. Net dat ik my dêr ynearsten sa mei dwaande hâlde. Hielendal net einliks. Mar ik kaam al ris ien tsjin dy't him kinnen hie. Tenminsten, dat sei hy of sy. Wa as dat no wie dat wit ik net mear. Stom, dat hie ik opskriuwe moatten mar dat die ik net. Mar dy persoan tocht dat Doede Winsemius learaar wurden wie, earne yn it midden fan it lân, yn Veenendaal of Driebergen of sa. En hy wie altyd frijgesel bleaun. No dat klinkt reedlik, dus dêr socht ik net fierder nei. By tafal fûn ik noch wol wat aardichs oer Doede en noch in pear Easterbierrumers. Dat wie doe't ik ûndersyk die nei emigraasje út Easterbierrum nei Amearika. Yn 1923 emigrearde Janke de Vries, in muoike fan myn mem nei Amearika. Sy gong, 22 jier âld, nei South Dakota, dêr't har broer Wietse ek al wenne. Einliks mocht se net fuort fan har âlden, Siem en

Akke de Vries. Mar se hie dochs tastimming krigen want op it skip soe se ûnder goed tasicht stean, nammentlik fan dûmny Wiersma, de heechste morele autoriteit fan it grifformearde part fan Easterbierrum.

Doe't ik my ris yn dy emigraasje ferdjippe fûn ik dat Janke reizge mei de Nieuw Amsterdam en dat se op 22 april 1923 yn New York oankaam. Mar ik fûn ek dat se mei noch mear selskip út Easterbierrum reizge: Doede Piers Winsemius gong op itselde skip mei nei Amerika. Doede soe net emigreare; neffens de passagierslist wie Doede 35 jier en 'teacher' en soe hy nei syn broer Hyltsje Winsemius dy't yn Clifton wenne, in kilometer as tritich westlik fan New York. Dûmny Wiersma soe trouwens ek by in broer op besite, mar dy wenne yn Lansing by Chicago, noch sa'n 1200 km mei de trein út New York nei it westen. Janke moast deselde kant út, mar sy gong nei Chicago noch ris 1000 km fierder om yn South Dakota te kommen. Wol aventoerlik allegear, wa hie dat no tocht fan sokke doarpslju út Easterbierrum ? Nei in wike as seis kamen dûmny Wiersma en Doede Winsemius wer werom nei Nederlân. Janke de Vries bliuw yn Amearika, har âlden ha har nea wer sjoen, likemin as har broer Wietse. No kom dochs noch even op Doede werom. "No ja", tocht ik, "frijgesel en learaar. Dy kin wol sa'n reiske nei Amearika betelje om te sjen hoe as broer Hyltsje dêr wenne".

En dêrnei wer werom komme en fierder gean mei syn learaarsbestean earne yn Nederlân. En sa skreau ik dêr ek oer yn myn boek oer emigraasje.¹

¹ Piter van der Woude, Emigranten fan Doe - Neiteam fan No Reizgje yn Noard Amearika en yn it ferline

Mar o o je moatte altyd sa foarsichtich wêze mei je konklúzjes. Want faak is de werklikheid dochs wer oars. Sa ek yn dit gefal.

In man út Seisbierrum, Pieter Post, boer yn rêste oan 'e Hoarnestreek, hat myn boek oer de emigraasje lêzen.

"Wat fûnen je der fan?", frege ik.

"Ja moai. Ik ha it mei nocht lêzen", sei Post. Ik neam him by syn efternamme want hy is folle âlder as ik. Hy hat de earbiedweardige âldens fan 90 jier. Lang, lang lyn ha ik by him wurke yn 'e ierappels.

"Mar ik hie noch wol in pear oanmerkingen", sei hy.

No dêr stean ik altyd foar iepen fansels en fan Post ferwachtsje ik fêst nijsgjirrige observaasjes.

"No ja, dy Doede Winsemius yn dyn boek, dy frijgesel", sei Post.

"O ja, dy 't nei syn broer yn Clifton reizge", sei ik.

"Just, dy. Mar dat wie net in frijgesel"

"O nee?!", sei ik ferheard.

"Nee, en hy wie ek gjin learaar. Hy wie 'schoolopziener' yn Indië, op Sumatra", sei Post.

Dêr seach ik fan op fansels. Mar Pieter Post koe it witte want dy Doede troude yn 1923 mei in suster fan syn mem. Dat siet sa:

Doede Winsemius wie as frijfeint nei Indië tagongen, faaks sawat 1917 hinne, mooglik noch wol earder. It kin wêze dat hy ynearsten ûnderwizer wie. Mar letter waard hy 'schoolopziener'. Yn 1923 koe hy foar it earst mei ferlof nei Nederlân. Hy kaam hjir foar fakânsje, mar ek om in frou te sykjen. En mei beide saken slagge hy goed. Op fakânsje gong hy net allinne nei Fryslân, nei syn âlde lju yn Easterbierrum, mar ek nei Amearika nei syn broer. Doe't hy yn 'e simmer

werom kaam út Amearika socht hy in frou en dat slagge ek fluch. Yn Seisbierrum fûn hy Wilhelmina Westra, dochter fan Pieter Westra en Maria Bakker. En sy seach sa'n aventoer mei Doede yn Indië wol sitten. Se trouden yn augustus 1923, hy wie 35 en sy 25. Se binne al gau dêrnei wer ôfstutsen nei Indië. Dêr ha se trije bern krigen. Reintsje Westra, in jongere suster fan Wilhelmina troude yn itselde jier mei de Seisbierrumer boer Jelle Sybrens Post. Ien fan harren bern wie Pieter Post.

Pieter wie dus in omke- en muoikesizzer fan Doede Winsemius en Mine Westra.

Dy ha noch hiel wat jierren yn Indië wenne, mar úteinlik binne se noch foar de oarloch werom kommen en se ha dus de Japanske besetting fan Indië net meimakke. "Omke Doede hie in goed pensjoen. Sy wennen yn Zeist en wy fûnen dat hy ús rike omke wie", fertelde Post my.

In 1951 is Doede Winsemius yn Zeist ferstoarn, 63 jier wie hy. Hy is begroeven yn Seisbierrum, neist Mine, syn frou.

© Piter van der Woude
Juny 2016







Afbeeldingen: Koehoal 2016 (bron: A. Boonstra)



Colofon

Ledenadministratie	: Auke Ykema
Correspondentieadres	: De Tsjerke ekers 17, 8855 GA SEXBIERUM
Telefoon	: 0517-592043
Email	: oudbarradeel@outlook.com
Website	: www.oudbarradeel.nl
Facebook	: OudBarradeel
Bankrekening RABO	: NL 75 RABO 0325 5382 71
Kamer van Koophandel	: 4000368